

MERCATOR MEARTALIGENS LÊZING 2023

Dr. Sharon Unsworth (Centre for Language Studies)

Wat (net) te ferwachtsjen as je twatalige bern opfiede of dermei wurkje

Bern dy't twatalich opgroeie, ferwerwe harren twa of mear talen hast op deselde wize as ientalige bern. Tagelyk binne der dúdlike ferskillen. As jin twatalige bern opfiede of dermei wurkje, is it belangryk om te witten wat dizze ferskillen binne, sadat je realistyske ferwachtingen ha oer wat bern al of net dwaan kinne.

Yn dizze lêzing presintearret Dr. Sharon Unsworth ûndersyk nei guon fan 'e belangrykste skaaimerken fan twatalige taalûntwikkeling en wat dat betsjut foar hoe't bern sawol de mearderheids- as de minderheidstaal of thústaal leare en brûke. Dy skaaimerken omfetsje de grutte fan de ynput en it type ynput, de beskikberens fan goede mooglikheden foar taalgebrûk en it ferskynsel dat de iene taal de oare beynfloedzje kin.

Unsworth sil yngean op de rol fan de ynput fan (net) earste-taal-sprekkers en dy fan (âldere) bruorren en susters, hokker faktoaren aktyf taalgebrûk by twatalige bern foarspelle, en op de ympakt fan typologyske ferskillen tusken talen as it giet om taalgebrûk en taalfeardigens. Fierder sil Unsworth in nij ynstrumint (Q-BEx) sjen litte dat ûntwurpen is om in oantal fan dy belangrike skaaimerken fan twatalige ûntwikkeling te dokumintearjen en kwantifisearjen.

Oer de sprekker

Dr. Sharon Unsworth is taalkundige by it Centre for Language Studies (Radboud Universiteit Nijmegen). Har ûndersyk rjochtet him op it útsykjen hokker faktoaren bydrage oan in suksesfolle twatalige taalûntwikkeling, en se hat in passy foar alles wat mei meartaligens te krijen hat. Se is gastfrou en makker fan de podcast "Kletsheads" (Ingelsk/ Nederlânsk) en direkteur fan it bernetalefestival "Kletskoppen".



Datum: TIISDEI 28 NOVIMBER 2023

Tiid: 16:00-17:00 OERE

Lokaasje: Zoom

(dielname is fergees, mar oanmelde is ferplichte)

Fiertaal: Ingelsk

Oanmelde kin fia [dizze link](#). Jo kinne ek de QR koade hjirûnder scanne.

